



## Frysk lêze mei Keimpe de Krokodil

Keimpe de Krokodil is gek op lêzen en ferhalen. Lêzen is goed foar in hiel soad saken: it is goed foar de konsintraasje, foar de ferbylding en foar de ûntspanning. Troch te lêzen learst oer dysels en oer oaren, it is goed foar de kreativiteit, foar de taalûntwikkeling en foar noch folle mear. Dochs docht út ûndersyk bliken dat bern hieltyd minder lêze. Dat is dochs skande? Keimpe de Krokodil wol graach helpe.

Keimpe wol bern en harren âlders stimulearje om te kiezen foar Fryske boeken en ferhalen. Dêrmei wol er wearde jaan oan it Frysk as memmetaal en as twadde taal. Sa wol er meartalichheid stimulearje en bern de foardielen dêrfan meijaan. Keimpe ropt elkenien op om yn it Frysk foar te lêzen en sels te lêzen.

Alle moannen jout hy op [heitemem.frl](http://heitemem.frl) de bêste boeketips foar bern op de basisskoalle. En by alle boeketips krigest fan Keimpe ek wat ekstra's! By it iene boek hat er in kleurplaat of in puzel makke, by it oare boek in filmke of in suggestje om te nifljen. Of in bingo!

Kinst by de boeketip ek altyd efkes digitaal yn it boek sjen en kinst lêze wat oare lêzers fan it boek fine. Sa is it net mear yngewikkeld om in moai boek te kiezen foar dyn eigen boekekast of om as kadootsje fuort te jaan. Want sa as berneboeke-ambassadeur Tialda Hoogeveen seit: 'Der is in Frysk berneboek foar elkenien!'

[www.keimpe.frl](http://www.keimpe.frl)




## Sipke op 'e buorkerij

*Sipke op 'e buorkerij* is it nijste dieltsje fan Lida Dijkstra út de rige Gouden Boekjes oer Sipke en Pake Pijpermûs. It is in twatalich boekje op rym, mei yllustraasjes fan Hanne Snel. Se besykje beide op harren eigen wize de lêzers in kadootsje mei te jaan.

De ferhaaltsjes fan Sipke en pake Pijpermûs binne hiel populêr ûnder de lêzers fan Fryslân. 'Foar elkenien is der wol wat út te heljen', seit Lida. 'Tegearre mei de foarlêzers sille bern in protte wille belibje kinne oan de strofen op rym. Ek al prate bgl.

de pake- en beppesizzers oars as pake en beppe sels, om't de tekst Nederlânsk en Frysk is, is it hiel tagonklik.' Hiel jonge bern sille foaral nei de fleurige printen sjen en miskien noch net de hiele betsjutting meikrije, mar der falt in protte te sjen en te belibjen mei Sipke. Foar Hanne is it it earste dieltsje út de Sipke-rige dat sy yllustrearret. 'Ik probeer aan te sluiten bij de tekst maar altijd met een vrolijke verrassende slag. Ik zoek naar het momentje net voor of net na de gebeurtenis of ik probeer de lezer een beetje af te leiden met een guitige uitdrukking of een klein grapje'.

Fan oktober ôf te keap. Sjoch foar hiele ynterview [afuk.frl](http://afuk.frl)



## Oant sjen yn ús winkel

**ADRES**  
Boterhoek 3  
Ljouwert  
(058) 234 30 70

**IEPENINGSTIDEN**  
Tiisdei o/m freed  
10.00 - 17.00 oere

[ynfo@afuk.frl](mailto:ynfo@afuk.frl)  
[www.afuk.frl](http://www.afuk.frl)


[/stichtingafuk](https://www.instagram.com/stichtingafuk)  
[/StichtingAfuk](https://www.facebook.com/StichtingAfuk)



## Louloene Liberdela

Twa prachtige Fryske wurden, mar wat betsjutte se? **Louloene:** betsjutting: útropp om ûnleauwen, ôfkarring, of om in winsk te fersterkjen. Synonimen: lounoppes, wie 't mar wier. **Liberdela:** betsjutting: foar de liberdela: foar de aardichheid, de wille.

Alle moannen besprekt Mirjam Vellinga in bysûnder of fergetten Frysk wurd op Omrop Fryslân Radio yn it programma 'Goeiemiddei'. Lêze wêr't se weikomme? Sjoch de QR-koade. Hawwe jo sels in 'fergetten' wurd? Ynstjoere kin nei [ynfo@afuk.nl](mailto:ynfo@afuk.nl)



## Wat lêsto dizze simmer?


Fan 20 juny ôf is it wer tiid foar 'Zomerlezen', in lêskampanje fan de CPNB. De simmer is dé tiid om te lêzen: noflik yn 'e tún, op it strân, oan it swimbad...

Wa't tusken 20 juny en 21 july foar € 15,- oan boeken keapet, kriget fan de boekhandel it Zomerlezen geschenk kado: in spannend simmerferhaal fan Suzanne Vermeer. (Op=op)



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl) of scan de QR-koade.

## Boeketip 5



**1** **Monuminteman**  
Bouke Oldenhof  
€ 17,90

*Monuminteman* is it romandebút fan toanielskriuwer Bouke Oldenhof. It is in humoristyske fantasij, in spannend en in oangripend ferhaal oer identiteit en fergonklikheid.




**2** **Rijk, maar niet in geld**  
Louw Dijkstra  
€ 49,95

Dit boek fertelt it ferhaal fan twa Fryske útjouwers, Kamminga en Laverman, tsjin de eftergrûn fan de yntellektualisearring fan it Frysk tusken 1920 en 1970.



**3** **Redbad**  
Skelte Braaksma  
€ 19,50

Yn dizze ferstripping fan de roman Redbad fan W. Schoorstra wurdt in byld sketst fan hoe't it libben fan de romrofte kening derút sjen kinnen hie, delset troch Skelte Braaksma.



**4** **Orpah**  
Ben Hogeterp  
€ 17,50

Maud Gallagher is in jonge Ierske frou, in frou mei in geheim. Se fielt har twongen om har heitelân te ûntflechtsjen. Fia famylje komt se yn Fryslân telâne.



**5** **Bern op 'e romte**  
Klaas Ybema  
€ 17,50

Yn 45 ferhalen fertelt Ybema oer it libben yn de jierren 60, op in pleats op 'e romte tusken Wytmarsum en Boalsert. Hoe wie it om dêr op te groeien, fier fan buorlju en oare bern?